

Beäntwurding skriftlike fragen artikel 47 Reglemint fan Oarder

Skaaimerik fan de fraach : 23-21
Datum yntsjinjen fraach : 4 desimber 2023
Fraachsteller : Dhr. W.B. Veenstra
Portefûljehâlder : Dhr. S.W. Vegelin
Amtner : Dhr. P. Peterson
Datum akkoart kolleezje : 23-01-2024
Saak- en stiknûmer : Z2023-03722/S2024-24944

Underwerp

Op 4 desimber 2023 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer Bagger yn 'e Twizelerfeart (ferfolchfragen). Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

In it foarste plak tank foar de beäntwurding fan de fragen oer de Twizelerfeart (23-17). Nei oanlieding fan de antwurden hat de FNP noch in tal oanfoljende fragen oer de boppeneamde feart.

Fragen

Jo neame yn de beäntwurding dat de Twizelerfeart net yn de feroardering stiet as farwetter. Us fraach is dan ek wêrom't de brêge yn de Âlddyk ferhege is? Is dat foar de sier/aardichheid of hat dat ek in funksje?

Nei ús witten is de brêge ferhege om't der dan ek lytse boatsjes ûndertroch kinne. Dan is it dochs frjemd dat it gjin farwetter is. Ek lizze der in soarte fan wenarken yn de Twizelerfeart. Hoe moatte dy dan as der fefanging plakfine moat op it PM-kanaal komme?

Der wurdt yn de beäntwurding ek sein dat Wetterskip Fryslân op de hichte brocht is fan it probleem. Is dat per brief gongen?

As dat sa is, en der geane we fan út, kinne wy dy brief dan ek krije?

Wannear't der in antwurdbrief komt fan Wetterskip Fryslân, dan wol de FNP-fraksje dy ek graach hawwe.

Dan noch in lêste fraach. It baggerjen fan de Twizelerfeart stiet dus noch net op de planning by it wetterskip. Kin it kolleezje nei it wetterskip ta ek aksje ûndernimme om dat sa gau as mooglik te dwaan?

Reaksje kolleezje

De brêge oer de Twizelerfeart is fefongen omdat hy oan syn libbensein wie. De nije brêge foldocht oan de easken fan dizze tiid. Hjirby is sjoen nei it draachfermogen én de hichte is oanpast. Dat wie nedich omdat de wei nei de brege ta leger lei dan de brege sels, de âlde brêge lei eins wat yn in kûle. De reden foar de ferheging nei 1.50 meter hie dus te meitsjen mei de konstruksje. In bykommend foardiel fan de ferheging is dat no lytse boatjes derûnder troch kinne. Foar gruttere boaten kin de gemeente, as dat nedich is, de brêge iepen dwaan.

It Wetterskip Fryslân is sawol mûnling (tillefoan) en mei in brief op 'e hichte brocht. Taheakke fine jo de brief. Yn de brief trúnje wy by it Wetterskip oan om de feart goed befaarber te meitsjen. Op 21 desimber 2023 is der antwurd (in email) op de brief kommen. Dizze email is ek taheakke.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris, boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong hr. mr. O.F. Brouwer